

Sjueryrapport fan de Dr.Obe Postmapriis foar oersettingen yn alle sjenres(1990 o/m 1992)

"Lykas de slachten fan blêden sa binne ek dy fan de minsken: (...) 't ien tieret en 't oare fertoarket." (Homêros, oers. Klaas Bruinsma).

Sophokles is allang liiflik fertoarke, mar altyd op 'e nij wurde syn wurken ta nij libben wekke troch ien dy't noch tiert en him tjirget mei it eale spul fan taal en taal. Lyk as no Klaas Bruinsma, dy't hjoed huldige wurdt as, neffens dizze sjuery, de treflikste oersetter mank de fertalers fan krapoan fjirtich boekútjeften yn de jierren 90, 91 en 92.

Ut in fraachpetear mei Bruinsma docht bliken, dat er him al sûnt syn gymnasiumtiid dwaande hâldt mei it fertalen fan âld-Grykske klassiken. Hy moat njonkenlytsen aardich fertroud wêze mei de taal en kultuer fan de wrâld dêr't dy literatuer yn bloeide. Wat lûkt Bruinsma dêryn? Grif de útdaging om hieltyd wer de toskten te setten yn in wurkstik dat de hiele man ferget mei al syn kapasiteiten. Faaks siket hy dêr boppeal yn wat minsken fan doe, en fan alle tiden, beweecht ta heil en ûnheil: de wiisheid en de dwaasheden dy't de Grykske trageedzjes as grûnslach hawwe en dêr't alle trageedzje út fuortkomt.

Bruinsma is yn de trije trageedzjes fan Sophokles ticht by de oarspronklike tekst bleaun, konstatearret it iennichste sjuerylid dat tarist is om de technyk fan it oersetten te beoardieljen. Hy hat dat lykwols net skoalsk, net slaafsk dien, mar mei in beskate souplesse, nedich foar in lêsbere en spylbere Fryske tekst. Yn syn foaropwurd by de boekútjefte hat Bruinsma dúdlik syn doel steld en de middels dêr't er dat doel mei berikke woe. Fakentiids wurdt by de beoardieling fan de oersetting fan klassyk toaniel ek de spylberens meiteld. As in stik te spyljen is, dan is it goed oerset. Bruinsma sels soe hiel graach wolle dat de trageedzjes ek opfierd wurde. Sa lêze wy yn it foaropwurd: "... mei (...) dizze ferfrysking fan Sófoklê's syn drama's gaadlik wêze foar opfiering en sa tsjinje ta ferriking fan it toaniel yn Fryslân is de winsk fan de oersetter". Om de takomstige toanielspilars alfêst wat yn

'e mjitte te kommen hat Bruinsma Sophokles syn seisfuottige jambe yn in fiiffuottige feroare, omdat soks neffens syn sizzen "better bekket".

No is oersetten net allinne in kwestje fan technyk. It is ek in keunst, in saak fan finingriken, kréativiteit yn de omgong mei de taal dêr't yn oerset wurdt, it Frysk yn dit gefal. In oersetter fan wichtige, moaie, sprekende teksten moat de taal dêr't er yn oerset oant yn alle hoeken en hernen neiplúzje op móglikheden foar ekwivalinten. En dan docht faak bliken dat de rykdom fan dy taal, fan it Frysk, aardich grutter is as dat de lju ornaris miene. It sil Bruinsma grif oerkaam wêze, dat er dagen socht hat om de oplossing fan in taalprobleem om dan dochs yn de skatkeamer fan it Frysk de nugget goud te finen. Sa giet it nammers mei dit soarte fan fearskippers tusken taal en taal.

Op in pear fan dy oplossingen wol de sjuery hjir graach wat neier yngean. Bruinsma hâldt him oan in beskaat metrum en soms brûkt er rym, binnenrym of alliteraasje om in passaazje klam of kleur te jaan. De koarlieten binne op rym set mei de bedoeling dat se songen wurde. Dy kombinaasje fan rym en metrum meitsje dat de koarlieten har lêze litte as it spoar. Ik neam in foarbyld út 'Kening Oidipoes':

O slachten fan it stjerlik skaai  
fan minsken, och sa broas en faai,  
jim libben ha 'k foar neat wurdearre.  
Want hokker minske wint dêryn  
mear lok as inkeld mar de skyn,  
en falt dêrnei net as in stjerre? (1186-1192)

De oersetting is betiden tige byldzjend. Benammen de passaazjes dêr't Oidipoes syn gefoelens yn uteret oer it ûngelok en hy oantangele sit mei algemien minslieke fragen taaste jin yn it moed.

Datselde jildt ek foar de folgjende oangripende sêne út 'e Filoktêtês. Filoktêtês wurdt wekker en fernimt dat Neoptólemus

útnaaid is en dat ek syn bôge, it iennichste middel om te oerlibjen, fuort is. En dan stiet der:

O, as de fûgels fan de loft,  
alearen heech beskûl en skou,  
no troch de wyn fan skril geroft  
frij flean' en driuwe my yn 't nau,  
'k leau net dat ik, har proai, har kear.  
Ik ha dêrta de macht net mear. (1090-1095)

De sjuery wol yn har ienriedich ta stân kommen advys oangeande de Obe Postma-priis 1993 tagelyk it hiele rike fertaaloeuvre fan Bruinsma behelje. Hy bewiist no al jierren de lêzers, de Fryske taal, de Fryske taalwittenskip en it Onderwiis in wichtige tsjinst.

Bruinsma hat yn it niisneamde fraachpetear ek sein: "(...) jo moatte alle, alle sjenres yn it Frysk fertsjintwurdige hawwe". Wolno, de sjenres wiene goed fertsjintwurdige yn it oersetten wurk fan 90, 91 en 92. Berne- en jongereinboeken, romans, in stripferhaal, poëzy, toanielwurk, ferhalen. Op twa nei binne it trouwens allegearre oersettings út in oare taal yn it Frysk. Dy útsûnderingen binne de bondel "Freonskrift" fan Jacobus Quiryn Smink en de útjefte "Friesische Märchen", yn it Dútsk oerbrocht troch Babs Gezelle Meerburg en Jurjen van der Kooi dy't in kar diene út de samlingen fan Dam Jaarsma en Ype Poortinga. Ek út Dútslân wei is dizze lêste oersetting priizge.

Grutte wurdearring hat de sjuery foar de oersetting fan "Winny de Poe" troch Marchje Visser en Doet Visser. De humor en irony fan it orizjineel komme yn it Frysk treflik oer en ek foar de dregere fragminten en de ferskes hawwe de oersetsters faak kréative oplossingen fûn. Dit boek moast der in kear komme yn it Frysk en no is it der, en goed.

Apart moat ek neamd wurde Jan de Jong syn fertaling fan "De klank fan de Fanfare" fan Johano Strasser út it Dútsk. It is in

echt Fryske roman wurden sûnder dat it Dútsk der trochhinne skimeret. Jan de Jong mei dôchs wol mei eare neamd wurde fanwege syn grutte warberens op dit terrein, lyk as ek wer bliken docht út "Krústocht yn spikerbroek" fan Thea Beckman út it Nederlânsk.

En wat in wielde foar jonge - en âldere - lêzers, dat dy prachtige roman "It hûs fan de sechtich heiten" fan de Amerikaanske Fries Meindert de Jong no einlings, tank sij Wim van der Schaaf, yn it Frysk ferskynd is.

It muoit de sjuery al, dat der sa tige sprake is fan ienrjochtingsferkear. Ien boek fan it Frysk nei in oare taal en ien meartalige útjefte yn trije jier is wol tige earmoedich. Nei in oplibjen yn de jierren tachtich - wurk fan Hylkje Goënga, Akky van der Veer en Tiny Mulder nei it Nederlânsk, de poëzyoersettings fan Rod Jellema nei it Ingelsk, - is de gong der wer út. Leit dat oan de kwaliteit fan wat der yn it Frysk skreaun wurdt? It leit grif mei oan de ûnbekendheid mei ús proaza en poëzy bûten Fryslân. Faaks moat der út Fryslân wei mear war dien wurde op it lizzen fan relaasjes. Sa'n Frankfurter Buchmesse is grif gjin sûne oarde foar lytse literatueren dy't de kâns net krije om op te boksen tsjin it P.R.-geweld fan de grutten. Faaks kin it Skriuwersbûn, kinne ek de Fryske útjouwers better terjochte lâns kalmer en bliuwender propaganda-kanalen.

**De advyskommisje,**

**T.Mulder,G.Visser,K.Wijma, R. Noppers.**